



# Taalgebrûk fan Fryske jongerein op sosjale media

**Lysbeth Jongbloed-Faber**

Rapportazje ûndersyk Taalfitaliteit I

April 2014

## Taalgebrûk fan Fryske jongerein op sosjale media

### Rapportaaazje ûndersyk Taalfitaliteit I

Troch:

**Lysbeth Jongbloed-Faber MA**

Projektlieder:

**Drs. Cor van der Meer**

### Ferantwurdig

Dit ûndersyk is útfierd troch it Mercator Research Centre fan 'e Fryske Akademy mei stipe fan provinsje Fryslân en de gemeente Ljouwert en yn gearwurking mei Afûk.

Wy wolle ús tank útsprekke foar de stipe fan de amtners fan provinsje Fryslân en gemeente Ljouwert en oan de meiwurkers fan de Fryske Akademy dy't meitocht en meiwurke hawwe oan it ta stân kommen fan it ûndersyk, de analyze en rapportaaazje. Spesjale tank giet út nei dr. Edwin Klinkenberg, ûndersiker by de Fryske Akademy foar syn rol yn it ta stân kommen fan dizze rapportaaazje.

Ljouwert, april 2014

## Ynhâld

Gearfetting .....	4
1. Ynlieding.....	8
2. Twitterûndersyk.....	10
2.1    Metoade Twitterûndersyk.....	10
2.2    Resultaten Twitterûndersyk .....	10
3. Undersyk op de skoallen: metoade en dielnimmers .....	13
3.1    Metoade .....	13
3.2    De dielnimmers.....	14
3.2.1    Eftergrûngegevens.....	14
3.2.2    Memmetaal .....	15
3.2.3    Behearsking fan it Frysk.....	15
3.2.4    Hâlding foar it Frysk oer.....	16
3.2.5    Foarkarstaal .....	19
4. Resultaten ûndersyk op skoallen: taalgebrûk yn offline en online situaasjes .....	20
4.1    Taalgebrûk yn ferskate situaasjes .....	20
4.1.1    Taalgebrûk mei freonen .....	20
4.1.2    Taalgebrûk by beljen, sms'en en e-mailen .....	21
4.2    Gebrûk sosjale media.....	23
4.3    Taalgebrûk op sosjale media.....	24
4.3.1.    Alle Fryske jongerein .....	24
4.3.2    De Frysktalige jongerein .....	25
4.3.3    Stellingen oer taalgebrûk.....	28
5. Faktoaren fan ynfloed op taalgebrûk op sosjale media .....	33
5.1    Memmetaal.....	33
5.2    Foarkarstaal .....	33
5.3    Behearsking fan it Frysk.....	34
5.4    Geslacht.....	34
5.5    Sosjaal-ekonomyske steat fan it gesin.....	35
5.6    Wengemeente.....	35
5.7    Skoalle .....	36
5.7.1    Opliedingsnivo .....	36
5.7.2    Fêstigingsplak fan de skoalle .....	37
5.7.3    Meartalige skoallen .....	38
5.8    Hâlding foar it Frysk oer .....	38
5.9    De betrouberste foarsizzers.....	39
6. Konklúzjes.....	40
Referinsjes.....	42

## Gearfetting

Sosjale media lykas WhatsApp, Facebook en Twitter spylje in hieltyd wichtigere rol yn it deistich libben. Yn hoefier't talen funksjonearje, bestean en oerlibje kinne wurdt faak útdrukt as de mjitte fan fitaliteit fan in taal. De ferwachting is dat sosjale media in kâns biede foar regionale en/of minderheidstalen om harren fitaliteit te ferheegjen. Ut literatuer docht boppedat bliken dat de tienerjierren in krúsjele perioade binne foar de ûntwikkeling fan in hâlding foar in minderheidstaal oer (Ó Riagáin et al., 2008). Oft jonge minsken yn dy perioade gebrûkmeitsje fan harren minderheidstaalfeardigens kin it gebrûk yn lettere libbensfazen beynfloedzje, bygelyks by it grutbringen fan harren eigen bern (Cunliffe et al., 2013).

Mei stipe fan provinsje Fryslân en de gemeente Ljouwert en yn gearwurking mei Afûk hat Mercator/Fryske Akademy yn 2013 en 2014 dêrom ûndersyk dien nei it taalgebrûk fan Fryske jongerein op sosjale media. It ûndersyk bestiet út twa dielen: in kwalitatyf ûndersyk nei it taalgebrûk fan Fryske jongerein op Twitter en in kwantitatyf ûndersyk troch it ynfoljen fan in fragelist troch rom twatûzen Fryske jongeren.

### Twitterûndersyk

Yn de Twitteranalyse is by sa'n seistûzen tweets fan 50 jonges en famkes sjoen nei harren taalgebrûk. De analyse fan de tweets lit sjen dat op gewoane dagen mear as 10% fan de tweets yn it Frysk is en 65% yn it Nederlânsk. Op de Fryske Twitterdei wurdt der mear Frysk as Nederlânsk brûkt: 53% fan de tweets binne yn it Frysk en 29% yn it Nederlânsk. Nei de Twitterdei sakket it oandiel Fryske tweets wer werom nei it eardere gemiddelde.

Yn de analyse is ek sjoen nei it brûken fan it Frysk. Neikommende situaasjes komme in protte foar:

1. Fonetyske stavering fan it Frysk
2. Gebrûk fan hollanismen
3. Dialekt yn stee fan standerttaal
4. Twittertaal en akronimen
5. Code switching

Wichtige konklúzjes dy't út it Twitterûndersyk lutsen wurde kinne, binne:

- De Twitterdei hat in tige posityf effekt op it brûken fan it Frysk op Twitter.
- It grutste ferskil is metten by de saneamde retweets. It oandiel Frysk giet fan ûnder de 5% nei hast 60%. In grut part bestiet út retweets fan berjochten fan Fryske rolmodellen lykas Doutzen Kroes.

- Jonges twitterje mear yn it Frysk as famkes.
- Gewoanwei binne tweets oan ien persoan folle faker yn it Frysk as algemiene tweets.

## **Undersyk op skoallen**

Fan ein oktober 2013 oant en mei begjin jannewaris 2014 hawwe rom twatûzen Fryske jongeren tusken de 14 en 18 jier in fragelist ynfolle oer harren taalgebrûk op sosjale media. Fan dy jongerein is 45% troch beide âlden yn it Frysk grutbrocht, 36% hat it Nederlânsk leard fan beide âlden en tsjin de 11% praat ien âlder Frysk en de oare âlder Nederlânsk.

### ***Taalgebrûk yn ferskate situaasjes***

It Nederlânsk wurdt it faakst brûkt mei freonen, folge troch it Frysk. 46% fan de jongerein praat altyd Nederlânsk mei freonen, 15% Frysk en 2,3% in Fryske streektaal. Fan de jongeren mei allinnich Frysk as memmetaal praat 81% faak of altyd Frysk mei harren freonen en 51% faak of altyd Nederlânsk. It Frysk wurdt dus yn dy situaasje in stik mear brûkt. By it sms'en en e-mailen kriget it Nederlânsk de boppehân. Wat it sms'en oangiet, brûkt hast de helte (44%) it Frysk faak of altyd en oan 'e oare kant 81% it Nederlânsk. Yn e-mails wurdt lykwols it Frysk net folle mear brûkt. 15% jout oan it Frysk faak of altyd te brûken en 83% foar it Nederlânsk. It liket derop dat wat offisjeler it kommunikaasjemiddel, wat minder faak it Frysk brûkt wurdt.

### ***Gebrûk sosjale media***

98% fan de Fryske jongeren is aktyf op sosjale media. Se binne hast allegear (96%) alle dagen aktyf. WhatsApp wurdt it measte en fierwei it faakst brûkt. Fan de jongerein dy't op sosjale media sit, hat 95% WhatsApp. Facebook wurdt brûkt troch 86% en Twitter troch 76% fan de Fryske jongerein.

### ***Taalgebrûk op sosjale media***

#### *Alle Fryske jongeren*

De helte fan de Fryske jongeren brûkt it Frysk op sosjale media. Sjoen nei WhatsApp, dan wurdt yn ien-op-ienberjochtsjes it Frysk krekt wat faker brûkt as yn GroepsWhatsApp. Yn GroepsWhatsApp's brûkt 49% fan de jongerein it Frysk noait en 6,1% altyd. By ien-op-ienberjochtsjes is dat respektivelik 45% en 7,5%. Op Facebook brûkt in tredde part by it bywurkjen fan de steat wolris it Frysk, wêrfan 2,9% altyd. By ien-op-ienberjochtsjes brûkt sa'n 40% fan de jongerein wolris it Frysk. 4,8% brûkt it Frysk altyd. Op Twitter wurdt it Frysk ek wat faker brûkt by berjochten oan in spesifike persoan as by algemiene tweets. 3,5% brûkt

altyd Frysk. Dêrneist brûkt 9% it faak by algemiene tweets en 12% brûkt it faak by berjochten oan ien persoan. Op alle sosjale media wurdt it Nederlânsk faker brûkt as it Frysk.

### *De Frysktalige jongerein*

De helte fan de Frysktalige jongerein brûkt faak of altyd Frysk op WhatsApp. By groepsberjochten sit it oandiel op 46%, by ien-op-ienberjochten leit it op 54%. Mar 13% brûkt op WhatsApp nooit Frysk. Dochs bliuwt it Nederlânsk no ek de dominante taal en wurdt it ek troch de Frysktalige jongerein mear brûkt as it Frysk. By it bywurkjen fan in steat op Facebook brûkt 20% fan de Frysktalige jongerein it Frysk faak of altyd, de helte brûkt it Frysk nooit. By ien-op-ienberjochten brûkt in tredde fan de Frysktalige jongerein it Frysk nooit, in tredde sa no en dan en in tredde faak of altyd. Gemiddeld sjoen wurdt op Twitter it minste Frysk brûkt. Yn berjochten foar in spesifyk persoan wurdt it Frysk noch wat faker brûkt, mar it oandiel faak-altyd bliuwt stekken op 29%. It oandiel Frysktalige brûkers dy't it Frysk op Twitter nooit brûkt, leit om de 40% hinne.

Sa'n 20% fan de Frysktalige jongerein brûkt gjin Frysk op sosjale media. De wichtichste redenen foar Frysktalige jongerein om it Frysk net te brûken binne kompetinsjerelatearre (79%), folge troch it net-Frysk wêzen fan harren fermidden (34%) en harren eigen hâlding oangeande it Frysk (10%).

Oan de jongeren dy't oanjouwe it Frysk te brûken op sosjale media is in tal stellingen foarlein. Op basis fan de reaksje op de stellingen kin konkludearre wurde dat in Fryske aksje faak freget om in Fryske reaksje: dus as de jongeren in Frysk berjocht krije, dan is de kâns grut dat hja ek yn it Frysk antwurdzje sille. In protte jongeren skriuwe it Frysk op sa't se it útsprekke en fine it typen fan streekjes en dakjes te folle wurk. In grut part fan dy jongeren wit ek net hiel goed wannear't er dakjes/streekjes brûke moat.

### **Faktoaren fan ynfloed op taalgebrûk op sosjale media**

Om ynsjoch te krijen hokker faktoaren de betrouberste yndikaasje jouwe om it brûken fan it Frysk op sosjale media te foarsizzen is in regresje-analyse útfierd. De folgjende faktoaren hawwe de heechste gearhing mei it brûken fan it Frysk op sosjale media:

- I. Foarkarstaal
- II. De hâlding oangeande it Frysk
- III. Oft de jongere Frysk skriuwe kin
- IV. De hâlding oangeande it Frysk op skoalle

## Konklúzjes

De helte fan de Fryske jongerein brûkt it Frysk op sosjale media. By de Fryske jongeren dy't troch beide âlden yn it Frysk grutbrocht binne, leit it oandiel dat wolris Frysk brûkt op sosjale media op 81%. Op basis fan boppeneamde útkomsten en de reaksje fan de jongerein op in tal stellingen kinne wy ús ôffreegje yn hoefier't de jongerein harren taal op sosjale media sjogge as skriuw- of as sprektaal. Yn alle gefallen kin konkludearre wurde dat wat ynformeler it medium, wat faker it Frysk brûkt wurdt en dat troch it grutste part fan de jongerein it Frysk faak fonetysk opskreaun wurdt.

Der binne grutte ferskillen metten yn 'e hâlding foar it Frysk oer. Hokker memmetaal oft de jongeren hawwe, is fan grutte ynfloed op de hâlding. Dêrneist hat de Frysktalichheid fan en op in basisskoalle en de hâlding foar it Frysk oer dy't op de hjoeddeistige skoalle hearsket fan ynfloed.

De skoallen hawwe dus in wichtige rol as it giet om de ûntwikkeling fan in hâlding oangeande it Frysk, mar fansels ek by de kompetinsjes dy't in persoan hat oangeande it skriuwen fan it Frysk. Mei de foarkartaal dy't in persoan hat en de gemiddelde hâlding foar it Frysk oer dy't op in skoalle hearsket, beynfloedzje dy faktoaren it taalgebrûk op sosjale media it meast. Jongeren op meartalich fuortset ûnderwiis brûke mear Frysk op sosjale media, hja binne positiver as gemiddeld oer it Frysk en de kompetinsjes op it mêd fan Frysk skriuwen lizze ek heger. Dy faktoaren binne neffens Kornai (2013) en ek yn Unesco's 'Language Vitality Index' fan grut belang foar in taal om de 21<sup>ste</sup> ieu te oerlibjen.

Weromkommend op de literatuerdiskusje oan it begjin fan dizze rapportaazje kin sein wurde dat út it ûndersyk bliken docht dat it Frysk gjin 'digital language death' stjerre sil, mar dêr binne wol in tal kanttekenings by te pleatsen. Troch de jongeren dy't yn it Frysk grutbrocht binne, wurdt it Frysk reedlik faak brûkt, mar it Nederlânsk wint it ek by dy groep op alle flakken: it wurdt op elk medium en by alle soarten berjochten mear brûkt. Fierder kinne wy ús ôffreegje yn hoefier't der in kompetinsjeferlies is: de measte jongeren skriuwe it Frysk fonetysk. Hja witte net of fine it net wichtich hoe't de stavering is. Der fynt dus wol in ferienfâldiging fan de taal plak. Ta beslút leit it gefaar fan ferlies fan prestiizje wis en seker op 'e loer: ek al hawwe de measte Frysktalige jongeren in positive hâlding foar it Frysk oer, de gemiddelde hâlding fan harren Nederlânsktalige kameraten is in stik negativer. As dat yn Fryslân de oerhân kriget, dan kin dat fiergeande konsekwinsjes hawwe.

# 1. Ynlieding

Sosjale media lykas WhatsApp, Facebook en Twitter spylje in hieltyd wichtigere rol yn it deistich libben. Dat is in ûntwikkeling dy't him net allinnich foardocht yn Fryslân mar oer de hiele wrâld syn ynfloed sjen lit. By it brûken fan sosjale media wurdt fansels taal brûkt, mar hokker taal brûkt wurdt en hokker faktoaren dat gebrûk beynfloedzje, dêr is net folle oer bekend.

Yn hoefier't talen funksjonearje, bestean en oerlibje kinne wurdt faak útdrukt as de mjitte fan fitaliteit fan in taal, de taalfitaliteit of 'language vitality' yn it Ingelsk. De ferwachting is dat sosjale media in kâns biede foar regionale en/of minderheidstalen om harren fitaliteit te ferheegjen. De mooglikheden dy't it ynternet biedt om kontakt te hâlden mei minsken oer de hiele wrâld, de digitale techniken om talen te bewarjen en te learen en de ynformele wize fan kommunikaasje dy't troch de sosjale media ta stân kommen is, kinne liede ta in ferhege fitaliteit.

De mooglikheden en it brûken fan sosjale media binne noch in ûnderbeljochte part fan de fitaliteitsyndeks en it ûndersyk op dat mêd. Sûnt de jierren santich fan de foarige ieu spilet taalfitaliteit in grutte rol yn it wittenskiplik ûndersyk op it mêd fan sosjolingwïstyk. Om de fitaliteit fan in taal te mjitten hat Unesco in 'Language Vitality Index' ûntwikkele. Yn dy yndeks wurdt de fitaliteit fan in taal berekkene oan de hân fan njoggen faktoaren wêrûnder de faktor 'Response to new domains and media'. Troch dêr ynsjoch yn te krijen, soe in krektere fitaliteit foar it Frysk berekkene wurde kinne. Yn it neikommende figuer stiet de yndeks ôfbylde.





Nei oanlieding fan it artikel 'Digital Language Death' fan Kornai (2013) wurdt de lêste moannen wer in soad diskusjearre oer it oerlibjen fan kwetsbere talen en de rol fan it ynternet dêryn. Kornai jout yn syn artikel oan dat 95% fan de talen op 'e wrâld mei útstjerren bedrige wurde om't se neffens him de slach op it web ferlern hawwe. De trije tekens dy't it útstjerren fan in taal foarsizze, binne it ferlies fan funksje, it ferlies fan prestiizje en kompetinsjeferlies. Yn it digitale tiidrek dêr't wy no yn libje, kinne dy trije tekens sa fertaald wurde: foar hoefier wurdt in taal noch brûkt yn kommunikaasje op it ynternet, lykas op Wikipedia, yn e-mails, op sosjale media, yn persoanlike, mar ek by saaklike kommunikaasje? Fierder wurdt wol sein 'If it's not on the web, it does not exist'. Kornai beskôget dat as ferlies fan prestiizje. Fierder hat it kompetinsjeferlies te krijen mei de mooglikheden om de generaasje 'digital natives' (de minsken / jongerein dy't mei de digitale technologyen opgroeid binne) yn de minderheidstaal grut te bringen.

Ut literatuer docht ek bliken dat de tienerjierren in krúsjaal perioade binne foar de ûntwikkeling fan in hâlding foar in minderheidstaal oer (Ó Riagáin et al., 2008). Oft jonge minsken yn dy perioade gebrûkmeitsje fan harren minderheidstaalfeardigens kin it gebrûk yn lettere libbensfazen beynfloedzje, bygelyks by it grutbringen fan harren eigen bern (Cunliffe et al., 2013).

Mei stipe fan de provinsje Fryslân en de gemeente Ljouwert en yn gearwurking mei Afûk hat Mercator/Fryske Akademy yn 2013 en 2014 dêrom ûndersyk dien nei it taalgebrûk fan Fryske jongerein op sosjale media. It ûndersyk bestiet út twa dielen: in kwalitatyf ûndersyk nei it taalgebrûk fan Fryske jongerein op Twitter en in kwantitatyf ûndersyk troch it ynfoljen fan in fragelist troch rom twatûzen Fryske jongeren.

De rapportaazje dy't foar jo leit, sil ynsjoch jaan yn hoefolle oft it Frysk troch de jongerein, de 'digital natives', brûkt wurdt op sosjale media, en op hokker wize. Fierder sil de rapportaazje yngean op it taalgebrûk yn offline en oare online situaasjes en de hâlding fan de jongerein foar it Frysk oer. It ferlies fan prestiizje kin ommers ek liede ta in ôfnimmend gebrûk fan in minderheidstaal. Ta beslút is ek ûndersocht hokker faktoaren oft it brûken fan Frysk op sosjale media beynfloedzje.

## 2. Twitterûndersyk

Yn de simmermoannen fan 2013 is ûndersyk dien nei it taalgebrûk fan Fryske jongerein op Twitter. Twitterberjochten binne frij tagonklik en om't de ûndersiker foarseach dat op skoallen de measte romte is foar net-ûnderwiisrelatearre saken yn 't hjerst, wie der doe tiid om kwalitatyf ûndersyk te dwaan om in yndikaasje te krijen fan it taalgebrûk op sosjale media en bekend te reitsjen mei de doelgroep.

### 2.1 *Metoaden Twitterûndersyk*

Op 18 april 2013 hat Praat Mar Frysk de twadde Fryske Twitterdei organisearre. Op dy dei waarden hast tsientûzen tweets ferstjoerd mei de #frysk. Under de dielnimmers oan dy Twitterdei is socht nei jongerein tusken de fjirtjin en achttjin jier. De measte minsken sette harren bertedatum net op Twitter, dus oan de hân fan profylfoto's is in earste seleksje makke fan minsken dy't yn de doelgroep falle koenen. Dêrnei is der yn de tweets socht nei oanwizings oer âldens, bygelyks oer fermelding fan skoalle, skoaljier, wol/net autorydlessen, ensafuorthinne. Doe't der fyftich Fryske jongeren fûn wiene dy't mei grutte wissichheid yn de doelgroep fallen, is begûn mei de analyze.

Yn de analyze is by alle dielnimmers sjoen nei de fyftich tweets foarôfgeand oan de Twitterdei, alle tweets op de Fryske Twitterdei (sawol de tweets mei as sûnder #frysk) en de fyftich tweets nei de Fryske Twitterdei. Yn totaal binne dat mear as seistûzen tweets. Yn de tweets is op in rige setten hokker talen brûkt wurde yn in tweet en wat der sein wurde kin oer it Frysk dat yn de tweets brûkt wurdt. Fierder is der sjoen nei tendinzen en faktoaren dy't fan ynfloed lykje op it taalgebrûk.

### 2.2 *Resultaten Twitterûndersyk*

#### **Oandiel Frysk**

De analyze fan de tweets lit sjen dat op gewoane dagen mear as 10% fan de tweets yn it Frysk binne en 65% yn it Nederlânsk. Op de Fryske Twitterdei wurdt der mear Frysk as Nederlânsk brûkt: 53% fan de tweets binne yn it Frysk en 29% yn it Nederlânsk. Nei de Twitterdei sakket it oandiel Fryske tweets wer werom nei it eardere gemiddelde. Mear ynformaasje stiet yn Tabel 1.

**Tabel 1. Taalgebrûk fan Fryske jongerein yn tweets (n=6019)**

Taal	Foar de Twitterdei	Op de Twitterdei	Nei de Twitterdei
Meast Frysk	12%	53%	13%
Meast Nederlânsk	65%	29%	63%
Meast Ingelsk	8%	4%	8%
Oars	15%	14%	16%

Fariabelen dy't fan ynfloed binne op taalkar binne ûnder oaren it soart tweet en it geslacht. It oandiel Frysk is op syn heechst yn tweets bedoeld foar ien persoan (begjinnend mei @). Op gewoane dagen is 25% fan sokke tweets yn it Frysk. Op de Twitterdei ferdûbelet dat nei krapoan de helte. It brûken fan Frysk yn de oare type berjochten giet op de Twitterdei fan ûnder de 10% nei rom 50%. Sjoch ek Tabel 2.

**Tabel 2. Oandiel Fryske tweets foar elk type berjocht (n=6019)**

Type berjocht	Foar de Twitterdei	Op de Twitterdei	Nei de Twitterdei
Algemiene tweets	8%	53%	9%
Tweets bedoeld foar ien (@)	25%	47%	26%
Retweets	4%	58%	4%

Yn de stekproef twitterje jonges folle mear yn it Frysk as de famkes. Dat ferskil is ek by oare ûndersiken nei it brûken fan minderheidstalen fûn. Yn Tabel 3 binne de eksakte oandielen werjûn.

**Tabel 3. Oandiel Fryske tweets, ferskil yn geslacht (n=6019)**

Geslacht	Foar de Twitterdei	Op de Twitterdei	Nei de Twitterdei
Man (n=24)	16%	61%	18%
Frou (n=26)	9%	42%	9%

## Gebrûk fan it Frysk

Yn de analyze is ek sjoen nei it gebrûk fan it Frysk. Neikommende situaasjes komme in protte foar:

### 1. Fonetyske stavering fan it Frysk

- /ɔ/ wurdt faak skreaun as o yn plak fan a: mon (man), dot (dat) en ol (al)
- 'stomme' (net útsprutsen) letters wurde weilitten: wost (wolst), kist (kinst), dost (dochst)
- brekkings wurde oars skreaun: jer (hear), skwalle (skoalle), gjit (giet)

## 2. Gebrûk fan hollanismen

- Leksikale hollanismen lykas erch (= slim) of vriendintsje (=freondinne)
- Syntaktyske hollanismen lykas Heit powerpoint litte sjen (= Heit powerpoint sjen litte)

## 3. Dialekt yn plak fan standerttaal

- harre, hewwe (hawwe)
- mut (moat), fut (fuort)
- hij, wij, mij (hy, wy, my)

## 4. Twittertaal en akronimen

- sws (sowieso)
- ff ('effe', efkes)
- gm (goodmorning/goeiemoarn)
- btw (by the way)
- 1en ('ienen')

## 5. Code switching

- Ik kin de kneepjes von 't vak onderhands wol
- Dus jim hawwe nog een wieke von dot dodelijk saaie examen training?
- Seker fja herhaling vatbaar.

Wichtige konklúzjes dy't út boppesteand ûndersyk lutsen wurde kinne, binne:

- De Twitterdei hat in tige posityf effekt op it brûken fan Frysk op Twitter.
- It grutste ferskil is metten by de saneamde retweets. It oandiel Frysk giet fan ûnder de 5% nei hast 60%. In grut part bestiet út retweets fan berjochten fan Fryske rolmodellen lykas Doutzen Kroes.
- Jonges twitterje mear yn it Frysk as famkes.
- Gewoanwei binne tweets oan ien persoan folle faker yn it Frysk as algemiene tweets.

### 3. Undersyk op de skoallen: metoade en dielnimmers

Fan ein oktober 2013 oant en mei begjin jannewaris 2014 hawwe rom twatûzen Fryske jongeren in fragelist ynfolle oer harren taalgebrûk op sosjale media. Yn dit haadstik wurde de metoade fan ûndersyk en de eftergrûngegevens fan de dielnimmers beskreaun.

#### 3.1 *Metoade*

Tusken maaie en oktober 2013 is de fragelist ûntwikkele dy't op it fuortset en middelber beropsûnderwiis ferspraat is. Op it mêd fan it brûken fan in minderheidstaal op ynternet is noch net in soad ûndersyk dien. Yn de ûntwikkelingsfaze is dêrom kontakt socht mei bûtenlânske eksperts lykas Daniel Cunliffe, Tom Moring en Elin Haf Gruffydd. Der is ek stipe frege fan oare ûndersikers en metodologen. Nei it testen fan de fragelist healwei oktober, binne de lêste fragen oanpast en is de fragelist definityf makke.

Fan septimber ôf binne de skoallen benadere. De ûndersykster hat besocht om fia har eigen netwurk en it netwurk fan har netwurk safolle mooglik direkte kontakten op skoallen te finen. Dat hat goed útpakt, want yn totaal hawwe tweintich Fryske skoallen oan it ûndersyk meiwurke. Om't de fokus fan it ûndersyk op jongerein tusken de 14 en 18 jier leit, is derfoar keazen om de klassen 3 oant en mei 6 fan it fuortset ûnderwiis en klassen 1 en 2 fan it MBU te freegjen om mei te dwaan oan it ûndersyk.

De fragelist is yn it Frysk en yn it Nederlânsk beskikber makke. Fia de site [www.surveymonkey.com](http://www.surveymonkey.com) koene de jongeren de fragelist online ynfolje. Se hawwe de fragelist klassikaal ynfolle om in represintative steekproef te krijen en net allinnich jongerein mei in positive hâlding oangeande it Frysk. Op skoallen dêr't it net mooglik wie om in kompjûterlokaal te reservearjen, binne papieren ferzjes útdield. Yn de fragelist wurdt jongerein frege om ynformaasje te jaan oer ûnder oaren:

- Demografyske eftergrûn
- Frysk as memmetaal
- Hâlding foar it Frysk oer
- Taalgebrûk yn ferskate situaasjes
- Gebrûk fan sosjale media
- Taalgebrûk op sosjale media

Tusken ein oktober en begjin jannewaris is de fragelist ynfolle. De tweintich dielnimmende skoallen binne ridlik ferspraat oer de provinsje. It is lykwols net slagge om in represintatyf tal dielnimmers te finen yn de regio Harns, de eilannen, it Bildt en East- en West-Stellingwerf. Dêrtroch binne de gemiddelde útkomsten nei alle gedachten in fraksje positiver as wannear't yn dy regio's ek skoallen fûn wiene dy't meidwaan woene.

Yn totaal hawwe 2348 dielnimmers de fragelist ynfolle, dêrfan binne 2267 jonges en famkes tusken de 14 en 18 jier.

## 3.2 De dielnimmers

### 3.2.1 Eftergrûngegevens

2267 jongeren tusken de 14 en 18 jier hawwe de fragelist ynfolle oer harren taalgebrûk op sosjale media. Fan dy dielnimmers bestiet 48% út jonges en 52% út famkes. De gemiddelde âldens fan de dielnimmers is sa'n 15,5 jier. 40% giet nei it VMBO / MAVO, 25% nei de HAVO, 26% nei it VWO en 9% nei it MBO. Om de sosjaal-ekonomyske status fan de dielnimmers yn kaart te bringen is frege nei de heechste oplieding fan de heit of as hja dat net witte, it berop fan de heit. In oersjoch fan de dielnimmers is werjûn yn Tabel 3.1.

**Tabel 3.1 Oersjoch fan de dielnimmers (n=2267)**

	14 jier	15 jier	16 jier	17 jier	18 jier	Totaal
Jonges	278	348	263	148	53	1090
Famkes	297	365	289	164	55	1170
VMBO / MAVO	273	409	195	25	1	903
HAVO	164	154	152	73	12	555
VWO	138	152	149	125	34	598
MBO	0	1	58	91	61	211
Sosjaal ekonomyske status: leech	169	218	131	68	28	614
Sosjaal ekonomyske status: midden	200	270	198	111	34	813
Sosjaal ekonomyske status: heech	172	193	197	120	38	720

Yn de neikommende haadstikken binne de resultaten basearre op dy dielnimmers. Net altyd sille alle dielnimmers meinaam wurde by it beânderjen fan in fraach. Sa no en dan is der bygelyks sjoen nei de jongerein fan wa't beide âlden thús Frysk prate en yn oare situaasjes is sjoen nei de fergelyking Frysktalige en Nederlânsktalige jongerein. Fierder wie it yn de online ferzje fan de fragelist net mooglik om fragen oer te slaan, mar is dat wolris dien as de fragelist op papier ynfolle is.

### 3.2.2 Memmetaal


Yn de “Fryske Taalatlas: Fryske taal yn byld 2011” fan provinsje Fryslân hat 54% fan de ynwenners fan Fryslân Frysk as memmetaal. Gemiddeld sjoen praat 48% fan de Fryske befolking Frysk mei harren bern. Dy sifers fariearje in soad tusken de ferskate gemeenten.

Fan de Fryske jongeren dy't meidien hawwe oan it ûndersyk hat 45% Frysk as memmetaal. Dat wol sizze dat beide âlden Frysk mei harren prate. Likernôch ientredde fan de jongerein (36%) hat it Nederlânsk leard fan beide âlden. Tsjin 11% praat ien âlder Frysk en de oare âlder Nederlânsk. Fierder is 3% fan de dielnimmers (foar in part) grutbrocht yn in Fryske streektaal. Oare memmetalen (5%) binne ûnder oaren Ingelsk, Arabysk, Turksk, Marokaansk, Surinaamsk, Dútsk, Frânsk, Sweedsk en Sineesk.

### 3.2.3 Behearsking fan it Frysk

Yn de fragelist wurdt frege hoe't hja de behearsking fan it Frysk ynskatte. De measte jongeren fersteane it Frysk: mar 1,4% jout oan it hielendal net te ferstean. 86% ferstiet it Frysk (hiel) goed. 55% praat de Fryske taal (hiel) goed en 40% fan de jongerein kin it Frysk (hiel) goed lêze. It skriuwen is it dreechste foar de jongerein. Net mear as 15% jout oan dat hja (hiel) goed Frysk skriuwe kinne. Sjoch ek nei Figuer 3.1 foar mear ynformaasje.

**Figuer 3.1 Behearsking fan it Frysk**



### 3.2.4 Hâlding foar it Frysk oer

Yn de fragelist stiene ferskate fragen om de jongeren harren hâlding oangeande it Frysk te mjitten. Sa wiene der acht pearen fan tsjinoerstelde wearden werjûn dêr't de respondinten troch in fiifpuntskaal oanjaan koene hoe't hja oer it Frysk tinke. Wat heger de skoare, wat positiver hja binne. Yn Tabel 3.2 steane de gemiddelde skoares, fan heech nei leech, mei de standertôfwiking. Dêrneist steane ek noch de gemiddelde wurdearringen en de standertôfwiking neamd fan de jongerein mei allinnich Frysk as memmetaal en de jongerein mei allinnich Nederlânsk as memmetaal. Wat heger de standertôfwiking, wat mear de mieningen ferdielt binne. Alle gemiddelde wurdearringen fan jongerein mei Frysk of mei Nederlânsk as memmetaal ferskille signifikant ( $p < 0,01$ ) faninoar. Alle wurdpearen byinoar komt de gemiddelde skoare fan de Frysktalige jongerein út op in 4. Foar de Nederlânsktalige jongerein is leit dat op 2,2.

De wearde 'frjemd – fertroud' kriget de heechste wurdearring. De gemiddelde skoare foar 'net nuttich – wol nuttich foar letter' is it leechst. It ferskil yn miening fan de Frysktalige en Nederlânske bern is grut. It skeelt meastentiids mear as oardel punt. De mieningen lizze it meast útinoar by it wurdpear 'Heart by my – heart net by my'. Dan skeelt it 2,63.

It Frysk leit ticht by it hert fan de Frysktaligen. Op de wurdpearen 'frjemd – fertroud' en 'heart wol – heart net by my' leit it gemiddelde op sa'n 4,5. De standertôfwiking is ek lytser as in punt. Dat hâldt yn dat hast alle Frysktaligen dat posityf wurdearre hawwe. It allergrutste part fan de Frysktalige bern fynt it Frysk ek moai, mar de ienriedigens is minder grut. Op de wat populêre wurdpearen wurdt wat minder heech skoard. Guon Frysktalige jongeren fine alles moai, wylst oaren, miskien ek troch mieningen fan harren fermidden, wat minder posityf binne. It Frysk wurdt dus net per definysje besjoen as 'cool' of 'flot'. It wurdpear 'wol nuttich – net nuttich foar letter' hat de leechste gemiddelde skoare. Dat wurdpear lit ek de measte sprieding sjen: de mieningen binne it meast ferdielt.


De hâlding fan de Nederlânsktalige jongerein foar it Frysk oer is justjes negatyf te neamen. De heechste gemiddelde skoare is 2,64, en de leechste 1,80. Gjinn inkelde skoare leit dus boppe neutraal. Wêrom de measte Nederlânsktalige jongeren negatyf foar it Frysk oer binne, kin mei it ûndersyk net beândere wurde. It soe nijsgjirrich wêze om dy útkomsten te ferlykjen mei útkomsten fan ûndersyk yn oare âldenskattegoryen om te sjen oft dat in tydlik fenomeen is yn de puberteit of dat de negative hâlding bliuwend is, ek yn lettere libbensfazes.



**Tabel 3.2 Hâlding oangeande it Frysk**

Wurdpearen	Gemiddelde	Standert- ôfwiking	Gemiddelde Frysk as memmetaal	Standert- ôfwiking	Gemiddelde Nederlânsk as memmetaal	Standert- ôfwiking
Frijemd – fertroud	<b>3,66</b>	1,38	<b>4,51</b>	0,85	<b>2,64</b>	1,24
Net moai – moai	<b>3,36</b>	1,46	<b>4,14</b>	1,13	<b>2,44</b>	1,27
Seurderich – flot	<b>3,22</b>	1,35	<b>3,93</b>	1,09	<b>2,39</b>	1,17
Heart net by my – heart wol by my	<b>3,21</b>	1,60	<b>4,43</b>	0,95	<b>1,80</b>	1,01
Stiif – losjes	<b>3,16</b>	1,33	<b>3,78</b>	1,13	<b>2,44</b>	1,21
Net handich – wol handich mei freonen	<b>3,12</b>	1,48	<b>4,04</b>	1,15	<b>2,10</b>	1,14
Saai – cool	<b>3,11</b>	1,36	<b>3,82</b>	1,13	<b>2,30</b>	1,17
Net nuttich – wol nuttich foar letter	<b>2,68</b>	1,42	<b>3,43</b>	1,28	<b>1,81</b>	1,10


Yn de fragelist is ek frege om oan te jaan hoe wichtich it is om it Frysk, Nederlânsk en Ingelsk te behearskjen om letter in baan te krijen. It Nederlânsk wurdt it wichtichst fûn mei in gemiddelde skoare fan 4,6, Ingelsk folget mei in 4,3 en it Frysk wurdt as net wichtich sjoen om letter in baan te krijen, it kriget in gemiddelde wurdearring fan 2,4. Sjoch ek nei Figuer 3.2 foar in oersjoch.

**Figuer 3.2 Wichtigens fan talen om letter in baan te krijen**


Hjir is it ek nijsgjirrich om te sjen nei it ferskil yn wurdearring tusken Frysk of Nederlânsk as memmetaal as it giet om it belang fan it Frysk om letter in baan te krijen. De ferskillen binne ek hjir wer signifikant ( $p < 0,01$ ). De gemiddelde skoare fan jongerein mei Frysk as memmetaal is in 2,9 (standertôfwiking fan 1,08) dêr't jongerein mei Nederlânsk as memmetaal de wichtigens fan it behearskjen fan it Frysk wurdearre mei in 1,7 (standertôfwiking fan 0,91). De measte Frysktalige jongeren (40%) koene gjin beslút nimme

oft it behearskjen fan it Frysk wol of net wichtich is om letter in baan te krijen. In tredde part fan de Frysktalige jongerein fynt it net wichtich en in kwart wol. Sjoch ek nei Figuer 3.3 foar de sprieding fan de wurdearringen.

**Figuer 3.3** Wichtigens fan it Frysk om letter in baan te krijen nei memmetaal



De jongeren hawwe ek seis stellingen ynfolle oer it plak fan it Frysk yn Fryslân en oer it brûken fan it Frysk by it grutbringen fan bern. Op ien nei binne by alle stellingen signifikante ferskillen ( $p < 0,01$ ) fûn tusken de antwurden fan Frysktalige, Frysk-Nederlânsktalige en Nederlânsktalige bern. De signifikante ferskillen binne oanjûn mei in (x). De lytste ferskillen binne te finen by de stellingen dêr't de jongerein it it measte mei iens en it measte mei ûniens binne, nammentlik dat in twatalige opfieding goed is foar de ûntwikkeling fan bern en dat Frysktalige bern it minder goed op skoalle dogge as Nederlânsktalige bern.

**Tabel 3.1** Stellingen oer it plak fan it Frysk en it brûken fan it Frysk by it grutbringen fan bern nei memmetaal


Stelling	Gem. Frysk	SD	Gem. Frysk - Nld.	SD	Gem. Nld.	SD	Sig. F - FN	Sig. F-N	Sig. FN-N
In twatalige opfieding is goed foar de ûntwikkeling fan bern.	<b>3,99</b>	0,94	<b>3,96</b>	1,00	<b>3,47</b>	1,05	-	x	x
Eltsenien dy't yn Fryslân wennet, moat it Frysk ferstean kinne.	<b>3,95</b>	1,10	<b>3,58</b>	1,19	<b>2,76</b>	1,27	x	x	x
Ik fyn it nuttich dat alle bern dy't opgroei yn Fryslân Fryske les op skoalle krije.	<b>3,58</b>	1,17	<b>3,13</b>	1,22	<b>2,35</b>	1,19	x	x	x
Eltsenien dy't yn Fryslân wennet, moat Frysk prate kinne.	<b>3,16</b>	1,21	<b>2,46</b>	1,13	<b>1,72</b>	0,89	x	x	x
Frysktalige âlden kinne better Nederlânsk prate mei harren bern.	<b>1,99</b>	1,12	<b>2,43</b>	1,11	<b>3,12</b>	1,17	x	x	x

Stelling	Gem. Frysk	SD	Gem. Frysk - Nld.	SD	Gem. Nld.	SD	Sig. F - FN	Sig. F-N	Sig. FN-N
Frysktalige bern dogge it minder goed op skoalle as Nederlânsktalige bern.	1,83	1,05	2,03	1,08	2,40	1,13	x	x	x

### 3.2.5 Foarkarstaal

Wy hawwe de jongerein ek frege hokker taal sy sels it leafst prate. 30% jout oan it leafst Frysk te praten, 45% it leafst Nederlânsk en 18% makket it neat út oft hja Nederlânsk of Frysk prate. 1,2% praat it leafst in Fryske streektaal en 2,5% fan de jongerein praat it leafst Ingelsk. As wy allinnich sjogge nei de jongerein tsjin wa't beide âlden Frysk prate, dan praat 62% it leafst Frysk, 29% makket it neat út oft hja Frysk of Nederlânsk prate en 6% praat it leafst Nederlânsk. Fan de jongerein fan wa't ien âlder Frysk praat en ien âlder Nederlânsk, praat 15% it leafst Frysk, 25% makket it neat út en 56% it leafst Nederlânsk. Dêr ferliest it Frysk aardich wat terrein. Sjoch ek Figuer 3.4.

**Figuer 3.4 Foarkarstaal nei memmetaal**



## 4. Resultaten ûndersyk op skoallen: taalgebrûk yn offline en online situaasjes


Yn dit haadstik sil it taalgebrûk fan de jongerein beskreaun wurde. Om in goede ferliking jaan te kinnen, stiet earst it taalgebrûk yn ferskate situaasjes, lykas mei freonen, oan de tillefoan, yn sms en e-mail, sintraal. Dêrnei is it brûken fan sosjale media yn kaart brocht en ta beslút sil de sprong makke wurde nei it taalgebrûk op sosjale media.

### 4.1 *Taalgebrûk yn ferskate situaasjes*


#### 4.1.1 Taalgebrûk mei freonen

Yn de neikommende tabel stiet ôfdrukt hokker talen de Fryske jongerein mei harren freonen prate. It Nederlânsk wurdt it faakst brûkt mei freonen, folge troch it Frysk. 46% fan de jongerein praat altyd Nederlânsk mei harren freonen, 15% praat Frysk en 2,3% in Fryske streektaal.

**Figuer 4.1** Hokker talen prate Fryske jongeren mei harren freonen




Yn Figuer 4.2 is werjûn hokker talen de jongeren mei allinnich Frysk as memmetaal mei harren freonen prate. 81% fan dy groep praat faak of altyd Frysk mei freonen en 51% faak of altyd Nederlânsk. It Frysk wurdt dus yn dy situaasje in stik mear brûkt. Der kin konkludearre wurde dat foar de measte Fryske jongerein it Frysk de foarkarstaal is as hja mei freonen omgean.

**Figuer 4.2** Hokker talen prate de Frysktalige jongeren mei harren freonen


#### 4.1.2 Taalgebrûk by beljen, sms'en en e-mailen

Yn de neifolgjende figueren is it brûken fan it Frysk foar it brûken fan it Nederlânsk oer setten foar jongerein dy't allinnich Frysk as memmetaal hat. By beljen wurdt it Frysk it faakst brûkt, mei-inoar brûkt 81% it Frysk faak of altyd. It totaal is gelyk oan it brûken fan it Frysk as hja mei freonen prate, allinnich is it oandiel altyd by it beljen lytser as by it praten mei freonen. It Nederlânsk wurdt by it beljen ek faker brûkt: 60% fan de Frysktalige jongerein brûkt it Nederlânsk faak of altyd. Yn figuer 4.3 stiet in oersjoch.


**Figuer 4.3** Frysk-Nederlânsk oan de tillefoan (memmetaal Frysk)

By sms'en en e-mailen kriget it Nederlânsk de boppehân. By it sms'en brûkt hast de helte (44%) it Frysk faak of altyd en oan 'e oare kant 81% it Nederlânsk. Yn e-mails wurdt it Frysk lykwols net folle mear brûkt. 15% jout oan it Frysk faak of altyd te brûken en 83% jout de foarkar oan it Nederlânsk. It liket derop dat wat offisjeler it kommunikaasjemiddel wat minder faak it Frysk brûkt wurdt. Sjoch Figueren 4.4 en 4.5 foar de details.

**Figuer 4.4 Frysk-Nederlânsk yn sms (memmetaal Frysk)**



**Figuer 4.5 Frysk-Nederlânsk yn e-mail (memmetaal Frysk)**



## 4.2 Gebrûk sosjale media


98% fan de Fryske jongerein is aktyf op sosjale media. Hoe aktyf dy jongerein deis is, is hiel lykmjittich ferdield:

- 18% is 0 oant 1 oere deis aktyf
- 21% is 1 oant 2 oeren deis aktyf
- 22% is 2 oant 4 oeren deis aktyf
- 20% is mear as 4 oeren deis aktyf
- 18% seit: 'allinnich as ik sliep, sjoch ik net'

Fierder yn de fragelist wurdt trochfrege op it brûken fan ferskate sosjale media, nammentlik WhatsApp, Facebook en Twitter.

WhatsApp wurdt it measte en fierwei it faakst brûkt. Fan de jongerein dy't op sosjale media sit, hat 95% WhatsApp. Hast de helte fan de jongerein (47%) sjocht de hiele dei troch, folge troch 41% in pear kear deis. Facebook wurdt brûkt troch 86% en Twitter troch 76% fan de Fryske jongerein. Yn Figuer 4.6 stiet de yntinsiteit fan it brûken fan de trije sosjale media oanjûn.

**Figuer 4.6** It brûken fan sosjale media troch Fryske jongerein



De mobyl wurdt it faakst brûkt troch jongerein om harren sosjale media by te hâlden. 67% fan de jongerein brûkt de mobyl altyd, folge troch 25% faak.

## 4.3 Taalgebrûk op sosjale media

Yn it neikommende haadstik wurdt beskreaun hokker talen troch Fryske jongerein op sosjale media brûkt wurde.

### 4.3.1. Alle Fryske jongerein

Foar it mjitten fan it taalgebrûk op sosjale media is frege om oan te jaan hoe faak oft hja in beskate taal brûke. De jongeren koenen kieze út de kategoryen 'noait' (1), 'sa no en dan' (2), 'faak' (3) of 'altyd' (4). Yn Tabel 4.1 binne de gemiddelden foar alle sosjale media oanjûn, oardere neffens memmetaal. Foar alle sosjale media is nei twa situaasjes frege, nammentlik as hja in berjocht skriuwe dat foar meardere minsken tagonklik is of in ien-op-ienberjocht.

#### WhatsApp

By it taalgebrûk op WhatsApp is frege nei it brûken fan in beskate taal yn GroepsWhatsApp, dan wurdt der mei meardere persoanen tagelyk kommunisearre, en by ien-op-ienberjochtsjes. Yn ien-op-ienberjochtsjes wurdt it Frysk krekt wat faker brûkt as yn GroepsWhatsApp. Yn GroepsWhatsAppkes brûkt 49% fan de jongerein it Frysk noait en 6,1%, oan 'e oare kant, altyd. By ien-op-ienberjochtsjes is dat respektivelik 45% en 7,5%.

#### Facebook

Op Facebook is yn de fragen ûnderskied makke tusken hokker talen oft ien brûkt by it bywurkjen fan syn steat en by it stjoeren fan in priveeberjochtsje. Hoewol't op WhatsApp it Nederlânsk faker brûkt wurdt, binne der ek op dat ynternasjonale sosjale medium jongeren dy't it Frysk brûke. In tredde part brûkt by it bywurkjen fan de steat wolris it Frysk, dêrfan 2,9% altyd. By ien-op-ienberjochtsjes brûkt sa'n 40% fan de jongerein it Frysk. 4,8% brûkt it Frysk altyd. Ek op Facebook brûke de jongeren it Nederlânsk it faakst.

#### Twitter

Ek op dat sosjale medium wurdt it Frysk wat faker brûkt by berjochten oan in spesifike persoan as by algemiene tweets. 3,5% brûkt altyd Frysk. Dêrneist brûkt 9% it faak by algemiene tweets en 12% brûkt it faak by berjochten oan ien persoan.

Yn Tabel 4.1 stiet in oersjoch fan de gemiddelden foar alle talen en de standertôfwiking. It Nederlânsk wurdt fierwei it measte brûkt. Hast alle jongeren brûke it Nederlânsk faak of altyd. It Frysk wurdt it meast brûkt yn ien-op-ienberjochten op Whatsapp en it minste by it



bywurkjen fan de steat op Facebook. De foarsichtige konklúzje kin lutsen wurde dat wat ynformeler it sosjale medium is wat faker it Frysk brûkt wurdt.

**Tabel 4.1 Taalgebrûk op sosjale media: gemiddelden en standertôfwiking foar de ferskate talen**

	gem. Frysk		gem. Nld.		gem. Ingelsk		gem. oare talen	
		St.ôf		St.ôf		St.ôf		St.ôf
WhatsApp: groepsberjochten	1,84	1,01	3,48	0,79	1,70	0,93	1,29	1,14
WhatsApp: ien-op-ienberjochten	1,95	1,06	3,46	0,74	1,73	0,97	1,29	1,11
Facebook: steat bywurkje	1,43	0,82	3,37	0,96	1,55	0,89	1,19	0,98
Facebook: priveeberjocht	1,64	0,95	3,30	0,99	1,59	0,91	1,25	1,03
Twitter: algemiene tweet	1,54	0,90	3,40	0,88	1,89	1,05	1,28	1,19
Twitter: berjocht oan ien	1,60	1,00	3,38	0,90	1,72	1,02	1,28	1,22


### 4.3.2 De Frysktalige jongerein

Yn dizze paragraaf is in oersjoch jûn fan hoefolle oft de Frysktalige jongerein harren memmetaal brûkt op sosjale media.


#### WhatsApp

De helte fan de Frysktalige jongerein brûkt faak of altyd Frysk op WhatsApp. By groepsberjochten sit it oandiel op 46%, by ien-op-ienberjochten leit it op 54%. Mar 13% brûkt op WhatsApp nooit Frysk. Dochs bliuwt ek no it Nederlânsk de dominante taal en wurdt it ek troch de Frysktalige jongerein mear brûkt as it Frysk. Mear ynformaasje is te finen yn de Figueren 4.7 en 4.8.

**Figuer 4.7 Taalgebrûk yn GroepsWhatsApp**




**Figuer 4.8 Taalgebrûk yn WhatsApp ien-op-ienberjochtsjes**




**Facebook**

By it bywurkjen fan in steat op Facebook brûkt 20% fan de Frysktalige jongerein it Frysk faak of altyd, de helte brûkt it Frysk noait. By ien-op-ienberjochten brûkt in tredde fan de Frysktalige jongerein it Frysk noait, in tredde sa no en dan en in tredde faak of altyd. Sjoch Figuer 4.9 en 4.10 foar mear ynformaasje.

**Figuer 4.9 Taalgebrûk by bywurkjen fan in steat op Facebook**




**Figuer 4.10 Taalgebrûk Facebook yn priveeberjochten**




**Twitter**

Gemiddeld sjoen wurdt op Twitter it minste Frysk brûkt. Yn berjochten foar in spesifyk persoan wurdt it Frysk noch wat faker brûkt, mar it oandiel faak-altyd bliuwt stekken op 29%. It oandiel Frysktalige gebrûkers dy't it Frysk op Twitter noait brûkt, leit om de 40% hinne. De Figueren 4.11 en 4.12 jouwe in oersjoch fan it gebrûk fan Frysk en Nederlânsk op Twitter.

**Figuer 4.11 Taalgebrûk algemiene tweets op Twitter**



**Figuer 4.12 Taalgebrûk berjochten oan in spesifyk persoan op Twitter**



### 4.3.3 Stellingen oer taalgebrûk

Yn de fragelist binne ek in tal stellingen foarlein dy't te krijen hawwe mei it taalgebrûk op sosjale media. 22% fan de Frysktalige jongerein jout oan it (hielendal) net iens te wêzen mei de stelling dat hja op sosjale media deselde taal brûke as de taal dy't hja gewoanwei mei freonen prate. Yn de fragelist is de jongerein ek frege om antwurd te jaan op stellingen oer harren taalgebrûk op sosjale media. Om de brûkers fan it Frysk te skieden fan de net-brûkers is der noch in kontrôlefraach steld oer it wol of net brûken fan it Frysk. It oandiel Frysktalige jongerein dat oanjout gjin Frysk te brûken op sosjale media is 19%. Dat leit hiel ticht by de

22% fan de Frysktalige jongerein dy't it net iens is mei de stelling oer it brûken fan deselde taal op sosjale media as de taal dy't hja gewoanwei mei freonen prate.

De wichtichste redenen foar Frysktalige jongerein om gjin Frysk op sosjale media te brûken binne:

- Ik fyn Nederlânsk makliker (55%)
- Nederlânsk skriuwen fielt foar my natuerliker oan as Frysk skriuwen (42%)
- Ik fyn Frysk skriuwen dreech en wol gjin flaters meitsje (31%)
- Net al myn freonen begripe it Frysk (30%)

By de iepen antwurden kamen de folgjende redenen noch nei boppen (persintaazje is it oandiel fan de Frysktalige jongerein dy't it Frysk net brûkt op sosjale media):

- It Frysk gjin moaie taal fine (8,6%)
- Harren fermidden is net sa Frysk (3,2%)
- It fergeze muoite fine (1,1%)
- It Frysk net behearskje (2,2%)
- De hâlding fan harren fermidden oangeande it Frysk is negatyf (0,5%)

De wichtichste redenen fan alle Fryske jongerein om gjin Frysk op sosjale media te brûken, steane hjirûnder:

- It Frysk is net myn memmetaal (55%)
- Ik fyn Nederlânsk makliker (47%)
- Nederlânsk skriuwen fielt foar my natuerliker oan as Frysk skriuwen (42%)
- Ik fyn Frysk skriuwen dreech en wol gjin flaters meitsje (20%)
- Net al myn freonen begripe it Frysk (20%)

By de iepen antwurden kamen de folgjende redenen noch nei boppe (persintaazje is it oandiel fan alle jongerein dy't it Frysk net brûkt op sosjale media):

- It Frysk gjin moaie taal fine (9,0%)
- It Frysk net behearskje (5,7%)
- It fermidden is net sa Frysk (2,2%)
- It fergeze muoite fine (1,4%)
- In negative hâlding foar it Frysk oer hawwe (1,4%)

De redenen kinne yn trije kategoryen yndield wurde:

- I. Harren kompetinsjes, it behearskjen fan it Frysk
- II. It fermidden
- III. De hâlding foar it Frysk oer
- IV. En foar de net-Frysktaligen dat it Frysk net harren memmetaal is.

Yn 'e ûndersteande tabel is in oersjoch werjûn fan de redenen en it oandiel fan de jongerein dat foar ien of meardere kategoryen keazen hat.

**Tabel 4.2 Redenen om gjin Frysk op sosjale media te brûken**

	Oandiel Frysktalige jongerein	Oandiel fan alle jongerein
Kompetinsjes	79%	63%
Harren fermidden	34%	22%
Harren hâlding foar it Frysk oer	10%	12%
Frysk is net memmetaal	0%	55%

It falt op dat kompetinsje fierwei de wichtichste reden is om gjin Frysk te brûken op sosjale media.

Oan de jongeren dy't oanjouwe it Frysk te brûken op sosjale media binne in tal stellingen foarlein. Dy stellingen wurde hjirnei behandlede.

### **Gjin flaters meitsje wolle**

De helte fan de jongerein is it der (hielendal) net mei iens dat hja it Frysk minder faak brûke om't hja it Frysk dreech fine en gjin flaters meitsje wolle. De mieningen fan de jongerein ferskille signifikant fan inoar, ôfhinklik fan hoe faak oft hja it Frysk brûke. By de jongerein dy't oanjûn hat it Frysk altyd te brûken sit it oandiel op 58% by hielendal net mei iens. Fan dyjinge dy't it Frysk wolris of faak brûkt op sosjale media binne de oandielen respektivelik 15% en 23%.

### **Ik kin my yn it Frysk better útdrukke as yn it Nederlânsk**

De antwurden op de stelling 'Ik brûk it Frysk op sosjale media om't ik my dan better útdrukke kin as yn it Nederlânsk' ferskille ek signifikant fan inoar neffens it brûken fan it Frysk. Leit by de jongerein dy't it Frysk wolris brûkt de klam op net mei iens, by jongerein dy't it Frysk regelmjittich brûkt leit dy op neutraal en by de jongerein dy't it Frysk altyd brûkt op hielendal mei iens. Gemiddeld sjoen kinne wy konkludearje dat de jongerein har net perfoarst better útdrukke kin yn it Frysk as yn it Nederlânsk.

**Frysk skriuwe: ik skriuw it Frysk op sa't ik it útsprek, sûnder dakjes en streekjes**

It Frysk wurdt troch de jongerein faak fonetysk opskreaun. Minder as tweintich prosint is it net iens mei de stelling 'Ik skriuw it Frysk op sa't ik it útsprek'. De jongeren dy't it Frysk altyd brûke, binne wat útsprutsener oer dy stelling: sy litte útsjitters sjen by sawol hielendal net as hielendal wol mei iens.

Mear as de helte fan de jongerein (52%) fynt it typen fan dakjes en streekjes te folle wurk, in kwart hat der gjin miening oer en in kwart fynt it net te folle wurk. Likernôch deselde útkomsten wurde fûn by de stelling oer oft hja it wol of net goed witte wannear't hja dakjes/streekjes brûke moatte.

**Frysk skriuwe sûnt sosjale media**

De jongeren binne it hiel dúdlik net iens mei de stelling oer dat hja pas begûn binne om Frysk te skriuwen doe't hja sosjale media begûnen te brûken.

**Fryske aksje soarget foar Fryske reaksje, net konsekwint yn taalkar**

It grutste diel fan de jongerein (71%) is it iens mei de stelling 'As ien in berjocht yn it Frysk stjoert, stjoer ik in berjocht yn it Frysk werom'. In Fryske aksje soarget dus faak foar in Fryske reaksje.

In tredde fan de jongerein wit net goed oft er wol of net konsekwint is yn it brûken fan Frysk op sosjale media. Rom 20% fan de jongeren fynt dat er wol konsekwint is en de oare 40% is it wol iens mei de stelling dat er net konsekwint is op sosjale media mei it Frysk en dat er guon Fryske freonen Fryske berjochtsjes stjoert en oare Frysktalige freonen Nederlânske berjochtsjes.

Yn 'e neikommende tabel steane de stellingen en de gemiddelden nochris op in rige. Lykas earder binne de gemiddelden basearre op hoe faak oft de jongeren it Frysk brûke op sosjale media: wolris, faak en altyd. De lêste trije kolommen jouwe oan oft de ferskillen tusken de gemiddelden signifikant binne (x) of net (-).

**Tabel 4.3 Gemiddelde skoares op de stellingen oer it brûken fan it Frysk op sosjale media**

Stelling	Gem. Wolris	SD	Gem. Regelmjittich	SD	Gem. Altyd	SD	Sig. W-R	Sig. R-A	Sig. W-A
Ik brûk minder faak Frysk om't it dreech is en ik gjin flaters meitsje wol	<b>2,74</b>	1,11	<b>2,41</b>	1,09	<b>1,92</b>	1,34	x	x	x
Ik brûk it Frysk op sosjale media om't ik my dan better útdrukke kin as yn it Nederlânsk	<b>2,19</b>	0,92	<b>2,92</b>	1,01	<b>3,54</b>	1,33	x	x	x
Ik skriuw it Frysk op sa't ik it útsprek	<b>3,43</b>	1,05	<b>3,54</b>	1,09	<b>3,59</b>	1,35	-	-	-
Ik wit net goed wannear't ik wol of net dakjes/streekjes brûke moat	<b>3,32</b>	1,05	<b>3,20</b>	1,11	<b>3,06</b>	1,41	-	-	-
Ik fyn it typen fan dakjes en streekjes te folle wurk	<b>3,33</b>	1,15	<b>3,46</b>	1,21	<b>3,26</b>	1,45	-	-	-
Ik skriuw pas Frysk sûnt ik sosjale media begûn te brûken	<b>2,02</b>	0,99	<b>2,34</b>	1,14	<b>2,60</b>	1,53	x	-	x
Fryske berjochtsjes antwurdzje ik yn it Frysk	<b>3,74</b>	1,03	<b>4,16</b>	1,02	<b>4,31</b>	1,12	x	-	x
Ik bin net konsekwiint yn it brûken fan it Frysk op sosjale media	<b>3,40</b>	1,08	<b>3,30</b>	1,12	<b>2,68</b>	1,46	x	x	x

Der kin konkludearre wurde dat in Fryske aksje faak freget om in Fryske reaksje: dus as de jongeren in Frysk berjocht krije de kâns grut is dat hja ek yn it Frysk antwurdzje sille. In protte jongeren skriuwe it Frysk op sa't hja it útsprekke en fine it typen fan streekjes en dakjes te folle wurk. In grut part wit ek net hiel goed wannear't er dakjes/streekjes brûke moat.

By in protte stellingen binne de ferskillen tusken de jongeren dy't it Frysk wolris, regelmjittich of altyd brûke signifikant. It opfallendste ferskil is te finen by de stelling 'Ik brûk it Frysk op sosjale media om't ik my dan better útdrukke kin as yn it Nederlânsk'. De jongerein dy't wolris Frysk brûke, binne it gemiddeld sjoen net iens mei de stelling wylst de jongerein dy't it Frysk altyd brûke it wol iens binne mei de stelling. Der sit dan ek hast oardel punt ferskil tusken de gemiddelden.

Fierder komt derút dat it Frysk net in protte minder brûkt wurdt om't de jongeren Frysk skriuwen dreech fine en gjin flaters meitsje wolle. Tagelyk kin út de reaksjes konkludearre wurde dat it neffens de jongeren net de sosjale media binne dy't harren oantrune hawwe om mear Frysk te skriuwen.




## 5. Faktoaren fan ynfloed op taalgebrûk op sosjale media

Yn de foargeande haadstikken is yngien op de antwurden op de fragelist dy't de rom twatûzen jongeren ynfolle hawwe. Yn it neikommende haadstik wurde de faktoaren beskreaun dy't fan ynfloed binne op it brûken fan Frysk op sosjale media.

### 5.1 Memmetaal

De memmetaal fan de jongerein hat in grutte ynfloed op it brûken fan Frysk op sosjale media. Yn grafyk 5.1 binne de oandielen foar alle memmetaalgroepen werjûn. Fan alle Fryske jongeren dy't faak of altyd Frysk brûke op sosjale media binne 88% jongeren dy't allinnich it Frysk as memmetaal hawwe. De kâns om Frysk te brûken op sosjale media is it grutst as jongeren fan beide âlden it Frysk leard hawwe.


**Figuer 5.1** It wol/net brûken fan it Frysk op sosjale media



### 5.2 Foarkarstaal

Hokker taal de jongerein sels it leafst prate, hâldt streekryocht ferbân mei it brûken fan Frysk op sosjale media. Jongeren dy't it leafst Frysk prate, brûke it Frysk folle faker as jongeren dy't it leafst Nederlânsk prate of foar wa't it net útmakket oft se Frysk of Nederlânsk prate. Yn Figuer 5.2 stiet it oersjoch fan it brûken fan Frysk op sosjale media troch dy trije kategorijen jongerein.


**Figuer 5.2 It brûken fan Frysk op sosjale media nei foarkartaal**



### 5.3 *Behearsking fan it Frysk*

Der sit ek in signifikante korrelaasje tusken it skriuwe kinnen fan it Frysk en it brûken fan Frysk op sosjale media. Wat better de jongeren fine dat hja it Frysk skriuwe kinne, wat mear hja gemiddeld sjoen ek it Frysk op sosjale netwurken brûke. Sjoch ek Figuer 5.3.


**Figuer 5.3 It brûken fan Frysk op sosjale media nei behearsking fan skriuwen**



### 5.4 *Geslacht*

Wat it brûken fan it Frysk op sosjale media troch jonges en famkes oanbelanget, falt op dat in grutter diel fan de jonges altyd it Frysk brûkt as by de famkes it gefal is: by de jonges is it 5.4% en by de famkes 1.9%.


**Figuer 5.5 It wol/net brûken fan it Frysk op sosjale media nei geslacht**



### 5.5 Sosjaal-ekonomyske steat fan it gesin

De sosjaal-ekonomyske steat fan it gesin hat ek ynfloed op it brûken fan Frysk op sosjale netwurken. De kâns dat jongerein Frysk brûke op sosjale media is it grutst yn de lege en middenklassen. Jongeren út de hegere klassen brûke it Frysk it minst faak.

**Figuer 5.6 It brûken fan it Frysk op sosjale media nei sosjale klasse**



### 5.6 Wengemeente

De wengemeente hat ek ynfloed op it brûken fan it Frysk op sosjale media. Fansels hat it oandiel dielnimmers yn in gemeente mei allinnich Frysk as memmetaal dêr ek ynfloed op, mar dy ynfloed is yn de iene gemeente sterker as yn de oare gemeente. Yn 'e ûndersteande

tabel steane de gemeenten mei mear as 10 dielnimmers oan it ûndersyk werjûn (om dy reden binne de gemeenten Amelân, Harns, Lemsterlân, Terschelling en Oost- en West-Stellingwerf net yn dizze tabel opnaam). Yn de gemeenten Kollumerland, Dantumadiel en Dongeradiel wurdt it Frysk it measte brûkt. Yn dy gemeenten is de gemiddelde hâlding foar it Frysk oer ek it posityfste. Mar ek in gemiddelde positive hâlding liedt net perfoarst ta mear gebrûk fan it Frysk op sosjale netwurken. Bygelyks yn Ferwerderadiel en Gaasterlân-Sleat is de gemiddelde hâlding foar it Frysk oer mear as in 0,5% heger, mar it wurdt troch memmetaalpraters net folle mear brûkt as it gemiddelde fan de provinsje.


**Tabel 5.1 Taalgebrûk op sosjale media yn ferskate Fryske gemeenten**

Gemeente	Dielnimmers yn in gemeente	Oandiel Frysk memmetaal	Oandiel noait totaal	Oandiel faak /altd totaal	Oandiel faak /altd memmetaal Frysk	Gem. hâlding oangeande it Frysk
<b>Totaal</b>	<b>2198</b>	<b>45%</b>	<b>51%</b>	<b>21%</b>	<b>42%</b>	<b>3,20</b>
Achtkarspelen	28	72%	25%	36%	43%	3,55
Boarnsterhim	160	46%	50%	18%	36%	3,23
Dantumadiel	97	75%	14%	54%	63%	3,93
Dongeradeel	107	64%	23%	53%	76%	3,77
Ferwerderadiel	33	77%	30%	33%	44%	3,74
Franekeradeel	40	48%	50%	23%	37%	3,38
Gaasterlân-Sleat	29	66%	21%	31%	47%	3,72
Heerenveen	185	27%	70%	14%	43%	2,92
Het Bildt	19	25%	63%	21%	60%	3,08
Kollumerland c.a.	21	74%	10%	62%	67%	4,03
Leeuwarden	203	8%	82%	2%	19%	2,25
Leeuwarderadeel	27	36%	67%	15%	30%	3,19
Littenseradiel	81	57%	37%	23%	35%	3,53
Menameradiel	36	56%	50%	14%	20%	3,37
Opsterland	113	49%	48%	14%	25%	3,46
Skarsterlân	176	51%	51%	15%	29%	3,32
Smallingerland	128	28%	70%	14%	37%	2,90
Súdwest-Fryslân	324	46%	53%	18%	36%	3,15
Tytsjerksteradiel	344	55%	40%	27%	42%	3,26

## 5.7 Skoalle

### 5.7.1 Opliedingsnivo

It opliedingsnivo liket in signifikante ynfloed te hawwen op it taalgebrûk op sosjale media, lykas yn 'e ûndersteande grafyk te sjen is. Wat heger it opliedingsnivo, wat minder faak it Frysk op sosjale media brûkt wurdt. Aldens is gjin signifikante faktor by it brûken fan Frysk op sosjale media, mar it falt wol op dat de jongerein op it MBO it Frysk faker brûke.

**Figuer 5.7** Taalgebrûk op sosjale media nei opliedingsnivo

### 5.7.2 Fêstigingsplak fan de skoalle

It fêstigingsplak fan de skoalle liket, lykas de wengemeente, ek ynfloed te hawwen op it taalgebrûk op sosjale media. Ferskate faktoaren lykje dêr in rol yn te spyljen. Sa ferskilt it oandiel memmetaalpraters yn elk plak, it oandiel jongeren dy't it leafst Frysk prate en ek de hâlding foar it Frysk oer.

Gemiddeld sjoen is 45% fan de jongerein yn it Frysk grutbrocht troch harren âlden. It ferskil tusken de plakken kin aardich oprinne. Sa leit dat oandiel op skoallen yn Ljouwert, Drachten en it Hearrenfean om de 30% hinne, wylst it oandiel dûbel of mear sa grut is yn bygelyks Dokkum, Burgum, Wommels en Damwâld. Foar 31% fan de jongerein is it Frysk de taal dy't hja it leafste prate. Dêr binne ek grutte ferskillen tusken de plakken te sjen: yn Ljouwert, Boalsert, Drachten en it Hearrenfean leit dat om de 20% hinne, wylst yn Dokkum en Damwâld it oandiel op 50% en 75% sit.

De hâlding foar it Frysk oer is yn guon plakken in stik positiver as yn oare plakken. Yn Damwâld, Dokkum, Wommels en Koudum wurdt it Frysk op in skaal fan 1-5 frij heech wurdearre wylst yn Boalsert, Drachten, Ljouwert en it Hearrenfean de hâlding gemiddeld sjoen wat negativer as neutraal is.

Mei de skoallen út Damwâld en Dokkum derby lizze de gemiddelden op meartalige skoallen op it mêd fan it Frysk skriuwe kinnen, de hâlding foar it Frysk oer en it brûken fan it Frysk op sosjale media heger as op oare skoallen.

### 5.7.3 Meartalige skoallen

It docht bliken dat jongeren op meartalich fuortset ûnderwiis mear Frysk brûke op sosjale media as jongeren op regulier fuortset ûnderwiis, hja binne ek positiver as gemiddeld oer it Frysk en de kompetinsjes op it mêd fan Frysk skriuwen lizze ek heger. De ferskillen binne allegearre signifikant ( $P < 0,05$ ).


**Tabel 5.2** Ferskillen tusken jongerein op meartalich en regulier fuortset ûnderwiis

	Meartalich ûnderwiis	Regulier ûnderwiis
Gebrûk Frysk op sosjale media (skaal 1 – 4)	2,06	1,66
Hâlding foar it Frysk oer (skaal 1 – 5)	3,58	3,11
Frysk skriuwe kinne (skaal 1 – 5)	2,89	2,16

## 5.8 Hâlding foar it Frysk oer

De hâlding oangeande it Frysk oer hat ek in grutte ynfloed op it brûken fan it Frysk op sosjale media. Wat positiver immen is foar it Frysk oer, wat grutter de kâns dat dy persoan it Frysk brûkt op sosjale media.

**Figuer 5.8** Taalgebrûk op sosjale media nei hâlding foar it Frysk oer



## 5.9 De betrouberste foarsizzers

Ta beslút is noch in regresje-analyze útfierd om te sjen hokker faktoaren de betrouberste yndikaasje jouwe om it brûken fan it Frysk op sosjale media te foarsizzen. De folgjende faktoaren hawwe de heechste gearhing mei it brûken fan Frysk op sosjale media:

- I. Foarkartaal
- II. De hâlding foar it Frysk oer
- III. It Frysk skriuwe kinnen
- IV. De hâlding op skoalle oangeande it Frysk

Dat model ferklearret in substansjeel part fan it brûken fan it Frysk op sosjale media ( $R^2=0,57$ ). De bêste foarsizzer is de taal dy't de jongeren it leafst prate ( $\beta=0,37$ ), folge troch harren hâlding oangeande it Frysk ( $\beta=0,23$ ), hoe goed se Frysk skriuwe kinne ( $\beta=0,18$ ) en de hâlding op skoalle wat it Frysk oanbelanget ( $\beta=0,13$ ). Dy identifisearre faktoaren litte dus in gruttere gearhing sjen as bygelyks it oandiel memmetaalpraters yn harren fermidden, de wengemeente of it wol of net krijen fan Fryske les op skoalle. Frysk as memmetaal is in hiel wichtige betingst om it Frysk op sosjale media te brûken, mar kin net as betroubere foarsizzer brûkt wurde om't net eltsenien mei Frysk as memmetaal it Frysk ek brûkt op sosjale media.

## 6. Konklúzjes

De helte fan de Fryske jongerein brûkt it Frysk op sosjale media. Sjoen nei WhatsApp, dan wurdt yn ien-op-ienberjochtsjes it Frysk krekt wat faker brûkt as yn GroepsWhatsApp. Yn GroepsWhatsAppkes brûkt 49% fan de jongerein it Frysk noait en 6,1%, oan 'e oare kant, altyd. By ien-op-ienberjochtsjes is dat respektivelik 45% en 7,5%. Op Facebook brûkt in tredde by it bywurkjen fan de steat wolris it Frysk, dêrfan 2,9% altyd. By ien-op-ienberjochtsjes brûkt sa'n 40% fan de jongerein wolris it Frysk. 4,8% brûkt it Frysk altyd. Op Twitter wurdt it Frysk ek wat faker brûkt by berjochten oan in spesifike persoan as by algemiene tweets. 3,5% brûkt altyd Frysk. Dêrneist brûkt 9% it faak by algemiene tweets en 12% brûkt it by berjochten oan ien persoan. Op alle sosjale media wurdt it Nederlânsk faker brûkt as it Frysk.

By de Fryske jongeren dy't troch beide âlden yn it Frysk grutbrocht binne, leit it oandiel dat wolris Frysk brûkt op sosjale media op 81%. It Frysk is lykwols noch hieltyd mear in sprektaal as in skriuwtal, dat hawwe de sosjale media (noch) net feroare. De dominânsje fan it Nederlânsk yn de skriftlike domeinen is wat dat oanbelanget dreech troch te brekken.

Wylst 81% fan de Frysktalige jongerein (beide âlden Frysk) faak of altyd Frysk praat mei freonen (gelyk oan it oandiel dat Frysk op sosjale media brûkt), brûkt 44% it Frysk faak of altyd yn sms-kes en 15% it Frysk yn e-mails. Ungefear de helte fan de Frysktalige jongerein brûkt faak of altyd Frysk op WhatsApp: by ien-op-ienberjochten leit it wat heger (54%) as by GroepsWhatsApp (46%). Op Twitter brûkt in kwart fan de jongerein faak of altyd Frysk: ek op Twitter leit it gebrûk yn berjochten foar ien persoan heger (29%) as by algemiene tweets (24%). Om in steat by te wurkjen op Facebook brûkt ienfyfde (20%) it Frysk faak of altyd, in tredde (34%) brûkt it faak of altyd by priveeberjochten. It brûken fan Frysk op sosjale media leit dus by WhatsApp heger as sms en by de oare media leit it gebrûk tusken sms en e-mail yn. Op alle sosjale media wurdt ek troch de Frysktalige jongerein it Nederlânsk gemiddeld sjoen faker brûkt as it Frysk.

Op basis fan boppeneamde útkomsten en de reaksje fan de jongerein op in tal stellingen kinne wy ús ôffreegje yn hoefier't de jongerein harren taal op sosjale media sjogge as skriuwof as sprektaal. Yn alle gefallen kin konkludearre wurde dat wat ynformeler it medium, wat faker it Frysk brûkt wurdt en dat troch it grutste part fan de jongerein it Frysk faak fonetysk opskreaun wurdt.



Ferskate faktoaren binne fan ynfloed op it wol of net brûken fan it Frysk op sosjale media. Troch it dwaan fan in regresje-analyse kin konkludearre wurde dat de folgjende faktoaren de heechste gearhing hawwe mei it brûken fan Frysk op sosjale media:

- I. Foarkarstaal
- II. De hâlding foar it Frysk oer
- III. It Frysk skriuwe kinnen
- IV. De hâlding foar it Frysk oer op skoalle

Der binne grutte ferskillen metten yn 'e hâlding foar it Frysk oer. Hokker memmetaal oft de jongeren hawwe, is fan grutte ynfloed op de hâlding. Dêrneist hat de Frysktalichheid fan en op in basisskoalle en de hâlding foar it Frysk oer dy't op de hjoeddeistige skoalle hearsket fan ynfloed.

De skoallen hawwe dus in wichtige rol as it giet om de ûntwikkeling fan in hâlding oangeande it Frysk, mar fansels ek by de kompetinsjes dy't in persoan hat oangeande it skriuwen fan it Frysk. Mei de foarkartaal dy't in persoan hat en de gemiddelde hâlding foar it Frysk oer dy't op in skoalle hearsket, beynfloedzje dy faktoaren it taalgebrûk op sosjale media it meast. Jongeren op meartalich fuortset ûnderwiis brûke mear Frysk op sosjale media, hja binne positiver as gemiddeld oer it Frysk en de kompetinsjes op it mêd fan Frysk skriuwen lizze ek heger. Dy faktoaren binne neffens Kornai (2013) en ek yn Unesco's 'Language Vitality Index' fan grut belang foar in taal om de 21<sup>ste</sup> ieu te oerlibjen.

Weromkommend op de literatuerdiskusje oan it begjin fan dizze rapportaazje kin sein wurde dat út it ûndersyk bliken docht dat it Frysk gjin 'digital language death' stjerre sil, mar dêr binne wol in tal kanttekenings by te pleatsen. Troch de jongeren dy't yn it Frysk grutbrocht binne, wurdt it Frysk reedlik faak brûkt, mar it Nederlânsk wint it ek by dy groep op alle flakken: it wurdt op elk medium en by alle soarten berjochten mear brûkt. Fierder kinne wy ús ôffreegje yn hoefier't der in kompetinsjeferlies is: de measte jongeren skriuwe it Frysk fonetysk. Hja witte net of fine it net wichtich hoe't de stavering is. Der fynt dus wol in ferienfâldiging fan de taal plak. Ta beslút leit it gefaar fan ferlies fan prestiizje wis en seker op 'e loer: ek al hawwe de measte Frysktalige jongeren in positive hâlding foar it Frysk oer, de gemiddelde hâlding fan harren Nederlânsktalige kameraten is in stik negativer. As dat yn Fryslân de oerhân kriget, dan kin dat fiergeande konsekwinsjes hawwe.

## Referinsjes

- Cunliffe, D. (2007) *Minority languages in the Internet: New threats, new opportunities*. In M. Cormack and N. Hourigan (eds), *Minority Language Media: Concepts, Critiques, and Case Studies* (pp. 133–150). Clevedon: Multilingual Matters.
- Cunliffe, D., Morris, D. and Prys, C. 2013. *Investigating the Differential Use of Welsh in Young Speakers' Social Networks: A Comparison of Communication in Face-to-Face Settings. in Electronic Texts and on Social Networking Sites*. In *Social Media and Minority Languages: Convergence and the Creative Industries*. edited by E. H. G. Jones and E. Uribe-Jongbloed. 99-118. Bristol: Multilingual Matters.
- Cunliffe, D., D. Morris and C. Prys. 2013. *Young bilinguals' language behaviour in Social Networking Sites: the use of Welsh on Facebook*. *Journal of Computer-Mediated Communication*, 18 (3), 339-361.
- Honeycutt, C. and Cunliffe, D. (2010) *The use of the Welsh language on Facebook: An initial investigation*. *Information, Communication & Society* 13(2), 226–248.
- Johnson, I. 2013. *Audience Design and Communication Accommodation Theory: Use of Twitter by Welsh - English Biliterates*. In *Social Media and Minority Languages: Convergence and the Creative Industries*. edited by E. H. G. Jones and E. Uribe-Jongbloed. 99-118. Bristol: Multilingual Matters.
- Kornai A (2013) *Digital Language Death*. PLoS ONE 8(10): e77056.  
doi:10.1371/journal.pone.0077056
- Mosley C (2010) *Atlas of the World's Languages in Danger*. UNESCO Publishing, <http://www.unesco.org/culture/languages-atlas>. [accessed 17-July- 2013].
- Ó Riagáin, P., Williams, G. and Moreno, X. (2008) *Young People and Minority Languages: Language Use Outside the Classroom*. Dublin: Trinity College.